

Aansen yn 't tehûs

op de wize fan "when I' m sixty-four" fan The Beatles

as ik aanst âld bin
krebintich en krûm
it hier al frijwat griis
bist dan noch fereale, dochst dan noch healwiis
of bisto fan my mar wat fiis

asto dêr thúskomst
joust my dan noch
tútsjes by de rûs
wolst my noch patsje
noch mei my boartsje
aansen yn 't tehûs

*stel dy ris foar dat wy dêr sitte op sa'n flat
wy kinne ús net rêdde, hellup suster!, hellup suster!!
sa allinne, de bern komme hast net
inkeld mei Sinteklaas*

bisto aanst beppe
en ik sûnder wurk
wat makket ús dan bliid
passe op de bernsbern wurdt in hiele striid
pake en beppe hawwe net altyd tiid

wolst noch te stappen
jûns nochris fuort
kroegen by de rûs
wolst mei my dûnsje
joust noch in rûntsje
aansen yn 't tehûs